

## Skiednis fan de Fryske Rie yn it koart

*Drs. Jetze Dijkstra, mei suggestjes fan drs. Sytze Hiemstra en drs. K. Huisman*

It ferhaal fan it ferline fan de Friezen ynspirearret hieltiten wer minsken om harren yn dat ferline te ferdjipjen en ek om it te brûken foar aktiviteiten yn de eigen tiid. Aktiviteiten dy't lykwols beheind binne, likegoed wat de ûnderwerpen oanbelanget as is tal minsken dat der oan meidocht. Want al hawwe de earste Friezen harren al mear as 2000 jier lyn nei wenjen set yn it hiele Dútsk-Nederlânske kustgebiet en al wie der yn it Dútske keizerryk fan de Midsieuwen sprake fan Fryske frijheid, ta in eigen steat hawwe de Friezen it úteinlik net brocht, al soe men it soevereine gewest Fryslân, dat bestie fan 1580 oant 1798, wol sa beskôgje kinne. Boppedat hie it praktysk soevereine greefskip fan de East-Fryske Cirkena's suver ek it karakter fan in steat. De grinzen dy't de Friezen skiede, binne, oant de Europeeske gearwurking yn ús tiid ta, hieltiten sterker wurden. Dêrtroch binne yn de rin fan ferskate iuwen de measte maatskiplike kontakten fan de Friezen ferlern gien. Yn 1289 kaam West-Fryslân, dat no yn de kop fan de hjoeddeistige provinsje Noard-Holland leit, yn hannen fan de greven fan Hollân. Dêrtroch ûntstie in grins mei it Westerlauwerske Fryslân, no de provinsje *Fryslân*. It Fryske gebiet tusken Lauwers en Iems, no de provinsje Grinslân (Groningen), rekke sterk ûnder de ynfloed fan de net-Fryske stêd Grins (Groningen), al seach de hegerein fan dy stêd himsels om 1500 hinne noch as Frysk. Nei de ein fan de Tachtichjierrige Oarloch yn 1648 krige de grins tusken Nederlân en it Dútske ryk folle mear betsjutting. En ûnderwilens hie it East-Fryske gebiet om Lier (Leer) en Auerk (Aurich) hinne as ryksgreefskip in grutte selsstannigens ûnder de Dútske keizer befjochtsje kinnen, wylst de Noard-Fryske gebieten om Hûsem (Husum) hinne diel útmakken fan it Deenske ryk en it hartochdom Sleeswyk.

Sa binne sûnt de Midsieuwen de Fryske lannen útinoar groeid en is de Fryske frijheid, dy't ynhâldt dat de Friezen streekrjocht ûnder de Dútske keizer stiene sûnder tuskenkomst fan de adel, ek ta in ferhaal wurden. Beskiedend foar dy Fryske frijheid wie in eigen rjochtsoarder. It Aldfryske rjocht lykas de *Santsjin Kêsten* en *Fjouwerentweintich Lânrijochten* fan om 1100 hinne wie de basis en foar alle Friezen gelyk. As der in mienskiplike aksje fan alle machthawwers yn de Fryske lannen nedich wie, waard dy opsteld troch fertsjintwurdigers by de jierlikse Upstalbeam-gearkomste by Auerk (Aurich), almeast op de tiisdei nei Pinkster. Mar dy organisaasje har him net ûntjûn ta in steatsorgaan foar alle Friezen. It oare en wichtichste skaaimerke fan de Friezen is fansels de taal. Dy hat him op syn lêst yn de 8<sup>ste</sup> ieu as selsstannige taal losmakke fan it Germaansk. Troch it útinoar groeien fan de Fryske lannen, dy't benammen it opkommen fan it Platdútsk mooglik makke, is nei de Midsieuwen it Frysk yn it grutste part ferlern gien. Utsein yn de hjoeddeistige provinsje Fryslân en in stikmannich doarpen en útbuorrens yn westlik Grinslân, yn Noard-Fryslân, op Hilgelân (Helgoland) en yn it Sealterlân (Saterland) by Aldeboarch (Oldenburg), dêr't de Fryske taal him op ûnderskate wize ûntjûn hat en brûkt wurdt.

It mienskiplike ferline en de Fryske taal binne altiten in boarne fan ynspiraasje bleaun foar kontakten tusken Noard-, East- en Westerlauwersk Fryslân. Peter Sax (1597-1662), kronykskriuwer yn Noard-Fryslân, skreau dat de Friezen in algemiene taal hawwe en dat se sadwaande ek mei-inoar ien folk binne. Montanus de Haan Hetteema (1796-1873) reizge fan West-Fryslân nei Sealterlân en Noard-Fryslân en joech Fryske, Hilgelanner en Noard-Fryske rymkes dy't er ûnderweis optekene hie, út. Heinrich Ehrentraut (1798-1866) fan Aldeboarch (Oldenburg) joech om 1850 hinne in tydskrift út oer Fryske taal en skiednis foar it Fryslân 'von Antwerpen bis Schleswig'. It *Friesch Genootschap van Geschied-, Oudheid en Taalkunde* yn Ljouwert beneamde yn de njoggentjinde ieu al leden út East- en Noard-Fryslân wei.

Nei 1900 binne de kontakten sterker wurden. Dat kaam omdat minsken út Westerlauwersk Fryslân mei niget oan de stúdzje en befoardering fan it Frysk de oare beide Fryslannen opsochten en dêr kontakten leine. Nammen yn dat ferbân binne Pieter de Clercq, Piter Sipma, Jan Jelles Hof en Nann Mungard fan Söl (Sylt). Mear kontakt late ta de rop út East-Fryslân wei om in jierliks treffen fan fertsjintwurdigers fan de trije Fryske gebieten. Douwe Kalma, Eeltsje Folkertsma en de feriening "De Upstalsbeam" sprieken har dêr ek foar út. En sa waard it earste Grutfryske 'Friesenkongress' organisearre, dat yn 1925 yn Jever holden waard, mei fertsjintwurdigers út de trije Fryslannen, Grinslân, Wûrsten, Bûtjadingen en Jeverlân. Dat kongres en alle moetingen dy't dêrnei komme soene, foarmje mei lêzings en in kultureel programma de noch altiten besteande basis foar mienskiplike aktiviteiten op it fûnemint fan de histoaryske bân.

By it Grutfryske kongres yn Hüssem (Husum) yn 1930 is de *Fryske Rie* oprjochte, de earste yn syn soarte yn Europa dêr't steatsgrinzen net by telden! It doel fan de Rie wie om de ûnderlinge bân yn stân te hâlden yn de perioade tusken de kongressen yn. Dat soe dien wurde troch gear te wurkjen by praktyske saken lykas it hâlden fan lêzings, it útbringen fan publikaasjes en it oangean en ûnderhâlden fan de bannen mei Fryske organisaasjes yn en bûten de Fryslannen, lykas yn Amearika. It foarmjen fan ien mienskiplike Fryske steat is troch de Rie nea neistribbe. Dêrfoar binne de Fryske lannen te fier útinoar groeid. De Rie hat him altiten bûten de partijpolityk holden.

De Twadde Wrâldoarloch brocht ferwidering tusken de Fryslannen. Mar troch respektarre bestriders fan it Hitler-bewâld waard nei 1945 de tried wer oppakt. Dat late yn 1952 ta in Grutfrysk kongres yn Hüssem (Husum) en yn 1955 yn Auerk (Aurich). Dêr is it bekende *Frysk Manifest* oannommen, in nije grûnslach foar de Fryske kontakten nei de oarloch. Dy waarden no ek yn it ramt fan it stribjen nei Europeeske ienheid sjoen. Sa waard yn it manifest fêstlein: "*De trije Fryslannen sizze fan herten ja op alle stribjen, dat ta de ienheid fan Jeropa liede kin*". Mar ek "*Wy leauwe yn in kultuer, dy't har woartels hat yn de djipten fan it folksaad*". As binende eleminten waarden neamd: "*Mienskiplik hawwe wy ús folksaad, mienskiplik de striid tsjin it geweld fan de Noardsee, mienskiplik benammen it witten fan ús frijheid fan Nederlân oan Denemark ta*" en "*ús memmetaal, itsij Frysk itsij Platdútsk, dy't wy as weardefolst erfskip meikrigen en dy't wy foar alles hoedzje en noedzje wolle*".

Yn 1956 wurdt yn Lier (Leer) de Fryske Rie op 'en nij stifte. Om de 'ferbining tusken de Fryske lannen en de Friezen rounom yn de wrâld op alle gebieten te stypjen en te noedzjen'. Yn 1998 waard de koepel 'de *Ynterfryske Rie*' oprjochte om foar de trije 'seksjes' fan de *Fryske Rie* yn de ûnderskate Fryslannen op te treden. Yn dat fermidden waard yn 2006 in nije 'Ynterfryske Ferklearring' fêststeld. Dêr stiet ûnder oaren yn: "*Wy hearre ta mear as ien steat, mar fiele ús dochs, nettsjinsteande alles wat ús skiedt, as hearrend ta ien folk, dat neffens wenst en wollen de eigen taal ûnderhâlde en útbouwe wol*". En fierders "*Wy wolle de gearwurking fuortsterkje om de eigen taal, kultuer, wittenskip, literatuer en alles wat rjochte is op skeppend wurk, te befoarderjen, mei it doel dat it taalkundich en kultureel ferskaat yn de Fryslannen en yn Europa ek yn de geast fan de UNESCO-konvinsjes fuortsterke wurdt*".

Wat de *Fryske Rie* yn de provinsje Fryslân oanbelanget (d.w.s. de seksje 'west' fan de *Ynterfryske Rie*) is der sûnt 1956 in trochgeande line fan aktiviteiten te sjen en in bestjoerlike struktuer ûntwikkele. Itselde kin nammers ek sein wurde fan de 'seksjes' yn East- en Noard-Fryslân. Formeel wurdt it doel yn it karbrief sa omskreaun:

a. *it ûntwikkeljen fan de Fryske kultuer yn de brede betsjutting mei help fan ynternasjonale kontakten en it mei skeppen en ûntwikkeljen fan de middels dy't sokke kontakten mooglik meitsje*

b. *it bekend meitsjen yn oare Europeeske regio's fan de Fryske kultuer en it jaan fan meiwurking oan de presintaasje fan de kultuer fan oare Jeropeeske regio's yn de eigen provinsje*

- c. it stimulearjen fan de kulturele posysje fan Fryslân yn Europa mei it befoarderjen fan Fryske kulturele aktiviteiten yn oare Europeeske regio's
- d. it befoarderjen fan in better begryp en freonskip tusken minsken, groepen en folken
- e. it benammen befoarderjen fan de kontakten tusken de trije Fryslannen.

It bestjoer is gearstald út fertsjintwurdigers fan it ûnderwiis, de Ried fan de Fryske Beweging, de Feriening fan Fryske Gemeenten, de Federaasje fan Fryske Studinteferienings, de Fryske Rie fan Tsjerken, de lânbou-organisaasje LTO, de frouljusorganisaasjes en de Fryske Academy.

It binne mei soarch formulearre teksten en organisaasjestruktueren. It is net by wurden bleaun. Se waarden troch de jierren hinne troch minsken oppakt en hawwe hieltiten wer ta aktiviteiten laat. De Grutfryske kongressen binne om de trije jier, ôfwikseljend yn Noard-, East- en Westerlauwersk Fryslân, organisearre as wichtichste moeting en ynspiraasjetrefpunt foar it hanneljen yn de praktyk. Dêrneist wurdt fan 1956 ôf om de trije jier in kultureel treffen op Hilgelân organisearre. Fierders wurde der geregeld, faak jierliks, moetingen organisearre fan berops- en studintegroepen. De bekendste binne de boeremoetingen sûnt 1959, de frouljusmoetingen, bestjoerdersmoetingen en de studintemoetingen.

Sa is yn 2010 foar de fyftichste kear de boeremoeting organisearre, dit kear yn de provinsje Fryslân. It program wie, lykas wens, in mik fan besiten mei in kultureel program oan lân- en tûnboubedriuwen en boppedat it oanbieden fan it jubileummagazine. Der wiene 71 dielnimmers, ôfkomstich út de trije Fryslannen. Yn itselde jier diene 68 boeren en studinten fan lânbouskoallen mei oan in ferlykbere moeting foar jonge boeren yn Noard-Fryslân. Dat jiers waard yn de provinsje Fryslân ek de moeting fan froulju út de trije Fryslannen organisearre en yn East-Fryslân de bestjoerdersmoeting foar benammen wethâlders en riedsleden fan gemeenten. Foar in moeting fan jongerein en foar it ûnderwiis wie net genôch belangstelling. Yn itselde jier hat op Hilgelân it kulturele treffen it 'Frieze-droapen' ('Friesen-droapen') west dat om de trije jier plakfynt. Dat omfette in kultureel programma fan in wykein, mei ûnder mear in muzyk- en dûnsjûn, sportwedstriden, in publyk kafee en in itensiederswurkwinkel. Yn 2012 is yn Harns foar de fiifentweintichste kear it Grut- of Ynterfrysk kongres organisearre. Sjoch de bylage foar de ûnderwerpen.

Alle gearre moetingen en aktiviteiten foar en troch de trije Fryslannen, op it fûnemint fan de Fryske skiednis, mar yn it Europeeske ferbân fan hjoed-de-dei. Altiten troch in lyts espeltsje minsken op priemmen set en ûnderholden, mar mei grutte kânsen om de mienskiplike problemen yn ús tiid te besprekken en sa in oplossing tichterby te bringen. Wurdearring foar it wurk fan de Fryske Rie en harren meistanners by it bouwen fan nije brêgen die bliken yn 1990, doe't Keninginne Beatrix de Noard-Fries Jakob Tholund, jierrenlang foarsitter fan de Fryske Rie, beneamde ta *Offisier yn de Oarder fan Oranje-Nassau*.

### **Ferantwurdig fan de bewurking**

De tekst fan boppesteande koarte skiednis is basearre op it Dútsktalige boek 'Die Friesland', Thomas Steensen, Piet Hemminga en Hajo van Lengen, Verlag Nordfriisk Instituut, Bredstedt 2006. It is yn de Frysktalige oersetting te krijen as 'De Fryslannen', Fryske Rie/Afuk, Ljouwert 2008.

Dat boek jout in wiidweidich en aktueel oersjoch fan dit ûnderwerp mei in rynske literatuerlist. Sjoch fierders ek op [www.fryskerie.nl](http://www.fryskerie.nl), bygelyks foar jierferslaggen.

### **BYLAGE**

## YNTERFRYSKE KONGRESSEN

### Oersjoch kongrestema's

2012	Nije kânsen foar de Fryslannen	Harns
2009	Gezeitenwechsel – Klimawandel und Küstenschutz	Lier (Leer)
2006	Iepen doarren /Open Space: gearwurking en -libjen yn de Fryslannen. (Oannimmen Ynterfryske ferklearring)	Leek (Leck)
2003	Gastfrij Fryslân	Ljouwert
2000	Die Friesen - ein Volk für sich	Jever
1997	De Friezen en har lânskip - identiteit en ferantwurdlikens	Hüsem (Husum)
1994	De p. r. fan it Frysk	Ljouwert
1991	Europa 1992 - in mienskiplike takomst foar de Fryslannen	Auerk (Aurich)
1988	De betsjutting fan migraasje foar de trije Fryslannen	Wyk op Feer (Föhr)
1985	Regio en Media	Ljouwert
1982	De grutte en de lytse wrâld - regionalisme as Europeeske beweging	Auerk (Aurich)
1979	It oansjen fan Fryslân	Söl (Sylt)
1976	Us doarp hjoed en moarn	Ljouwert
1973	De takomst fan it Waad	Auerk (Aurich)
1970	Bildung und Region	Hüsem (Husum)
1967	De takomst fan de trije Fryslannen	Ljouwert
1964	Fryslannen yn it ramt fan it Noardseekultuergebiet	Auerk (Aurich)
1961	Nordfriesland in Umbruch	Naibel (Niebüll)
1958	Kultuer en ekonomy yn de trije Fryslannen	Ljouwert
1955	** (Oannimmen Frysk Manifest)	Auerk (Aurich)
1952	**	Hüsem (Husum)
1937	**	Memlik (Medemblik)
1930	**	Hüsem (Husum)
1927	**	Ljouwert
1925	**	Jever

\*\* = gjin tema, mar lêzings op it mêd fan taal en kultuer